

# 54 *Bang*

In ferhaaltsje en in tút.  
Lekker sliepe, lampe út.  
Mem giet fuort, ik bin allinne.  
It is tsjuster om my hinne.

Sjoch ik dikke, swarte spinnen  
op 'e gerdinen rinnen?  
Hear ik it sissen fan in slang?  
Wat wurd ik ôfgryslík bang!

Mem!!!!

Mem komt gau. Se makket ljocht.  
En se siket en se sjocht  
op 'e grûn, op 'e gerdinen.  
Mar der is gjin bist te finen.

Ik krij wer in dikke tút,  
mar de lampe hoecht net út.  
Mem seit dat tenei  
it ljocht oanbliuwe mei.

## **Suggestje**

Dit ferske kin ek útspile wurde.